




Ut 'e Pinne
Ferienigingsblêd fan it Frysk Selskip
'Fier fan Hûs' Apeldoorn
Sûnt 9 desimber 1901



59^e jiergong nr 2 – februwaris 2026

Personalialia

Eareleden

Aafje Miedema - Loonstra.

Hennie Wiersma - Wiersma

Lammert Toering

Theun Ruim

Bestjoer

Foarsitter: Henk de Boer	De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen 06-53929111 henkank.deboer48@kpnmail.nl
Skriuwer: Gerrit Stegenga	Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn, 055-3556700 fierfanhus.apeldoorn@gmail.com
Skathâlder: Piet Ypma	Croddendijk 3, 7434 PM Lettle 06-22898901 p.n.ypma@planet.nl
2 ^e Foarsitter:	fakatuere
Lid: Froukje de Wilde – Witteveen	Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek 0313-654859, witwil1940@gmail.com
Lid / ferlotting: Lammert van der Meulen	De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen, 055-5341500 lammervandermeulen@kpnmail.nl
Lid gastfrou: Atsje Roorda - Kooistra	Karel de Grotelaan 221, 7415 LV Deventer 0570-591174

Kritemeilibjen

It Kritemeilibjen wol graach op 'e hichte hâlden wurde fan sykte, ûngemak, en jubileums. Dan kinne wy meilibje troch in tillefoantsje, in kaartsje of in bisite.

Hennie Wiersma	Warenargaarde 787, 7329 GR Apeldoorn, 055-5337614
Jose Bonder	Arbeidstraat 12, 7311 CT Apeldoorn, 055- 5223656
Sietske Stegenga	Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn, 055-3556700

Foto voorblad: Alde Fryske boereplaets yn Tsjom yn winters lanskip.

Fan de foarsitter.

Henk de Boer

Op it momint dat ik dit skriu, 4 febrewaris, is it spegelglêd yn Fryslân. Us bernsbern reedride op 'e strjitte. De skoallen binne ticht. Moai foar de bern, mar minder foar de minsken dy't nei it wurk moatte. Wij kinne ús mar kwalik oanpasse oan dit soarte fan waar; alles rekket yn 'e war. Wat in frjemde winter hawwe wij. Yn it Noarden al mear as in moanne kâld frieswaar, snie en izel. Mei betiden bij ús soms temperatueren in de dûbele sifers.

Wij steane oan it begjin fan de 125^{ste} jierdei fan ús krite. Op 9 desimber 1901 is de krite oprjochte. Yn it earstoan wie der omtrint alle moannen in aktiviteit, faak op sneintejûn. Fier fan Hûs hat beste jierren meimakke. Op it hichtepunt wienen omtrint 500 Friezen om ústens lid. No is dat wat minder. Mar nei myn idee binne de gearkomsten noch altyd gesellich.

Us earste aktiviteit yn dit jubileumjier wie de nijjersbesite. De opjefte kaam traach op 'e gong, dochs joegen 29 leden harren op. Troch it minne waar kamen guon net, mar wij wienen dochs noch mei 24 Friezen. It iten wie goed en it wie gesellich hearde ik neitiid.

Op 28 maart komt it Keninklik Frysk Boun om Utens bij ús mei harren jiergearkomste en de Moetings- en Ynspiraasjemidde. Dêrnei komt de Lytse Komeedzje út Drachten mei it stik "De Rollator Revolúsje". Fierderop yn Ut 'e Pinne kinne jimme mear lêze oer dizze dei en hoe't jim jim op jaan moatte.

It ledental fan ús krite rint stadichoan tebek. Dêr sitte wij oer yn. Aktiviteiten kostje jild en der moat faak in bedrach út de kas by, om't it ledenjild út de yntree net genoch is. Meininoar moatte wij neitinke hoe't wij de takomst yn 'e mjiite gean sille. Op ús eigen jiergearkomste op sneon 11 april liket it mij goed ta om dêr bij stil te stean.

Mar earst oant 28 maart yn Ugchelens Belang. Jo komme ek fansels?



BLOEMENMAGAZIJN
MARGRIET



Fleurop
bloemen met een boodschap

Wy binne net de grutste en wis ek net de goedkeapste. Wat wy wol bewear:
Wy hawwe in grut assortimint tsjin reedlike prizen.
Jo moatte mar ris komme te sjen !!!
H.J. STEGEMAN

Email: margrietbloemen@vbw-groenplein.nl
www.flowerserviceapeldoorn.com

Schubertlaan 20, 7333 CV Apeldoorn, Till. 055-5332655

Fan de bestjoerstafel

Gerrit Stegenga

Ja minsken, dizze Pinne is de earste yn ús jubileumjier 2026. Wy hawwe de nijjersbesite yn jannewaris hân. It wie wer tige gesellich en it iten wie wer lekker. Wy hoopje op in moai jier foar ús krite, én dat jimme der allegearre by wêze meie.

Foar it bûsboekje

It programma foar 2026 is yn grutte halen klear. In part fan de aktiviteiten moat noch wat mear ynfold wurde, mar dat sil grif slagje.

Wy tinke oan:

28 maart 2026: Programma yn Ugchelens Belang. De moarns (f.ô. 10.00 oere) is de Algemiene Gearkomste fan it Keninklyk Frysk Boun om Utens, en nei it middeisbrochje de Moetings- en Ynspiraasjemidde fan it Boun.

Nei de tee komt it toanielselskip 'De Lytse Komeedzje' út Drachten mei harren stik 'De rollator-revolúsje'. In in dolkomysk blijspul oersetten troch Griet Reitsma-de Jong.

Wy slute de dei ôf troch meiinoar te iten. Sjoch foar mear ynformaasje oer dizze dei fierderop yn de Pinne.

11 april 2026: ledegearkomste yn de Duiker. Wy begjinne om 14.00 oere.

De wurklist stiet yn dizze Pinne. It bestjoer hopet jimme allegearre te sjen op dizze middei.

16 septimber 2026: in kritebarren om ús jubileum te fieren. Wy moatte it noch ynfolje.

Yn desimber 2026: de offisjele fiering fan ús jubileum mei in resepsje of sa wat. Us krite 'Fier fan Hûs' bestiet op 9 desimber 125 jier. It is noch de fraach oft wy dit ek echt op dizze datum hâlde sille, oft dat wy útwike nei de sneon, 12 desimber.

Kritemeilibjen

Op 20 desimber ferstoar ús lid Catrien Hoekstra yn de âldens fan 89 jier, en op 4 febrewaris ferstoar ús lid en âld ponghâlder Sikke Fokke Klaver, yn de âldens fan 84 jier

Fierderop yn dizze Pinne wurdt hjir noch oantinken oan jûn. De krite hat op dit stuit noch 74 leden.

Saken út it Keninklik Frysk Boun om Utens

Op 28 maart 2026 is 'Fier fan Hûs' de gastkrite foar de 102^e Algemiene Gearkomste en de Moetings- en Ynspiraasjemidde.

Us krite hat yn de middei in toanielstik en de dei wurdt ôfsluten mei iten. Sjoch fierder yn dizze Ut é Pinne

Wurklist Algemiene Ledegearkomste oer it kritejier 2025 fan it Frysk Selskip 'Fier fan Hûs' 11-04-2026

1. Iepenjen
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Meidielings – betinken fan de leden dy't ús ûntfallen binne yn 2025
4. Ynkommen en útgjene stikken
5. Ynfentarisasaasje punten fan omfreetgjen (sjoch wurklistpunt 14)
6. Oantekens fan de ledegearkomste fan 12-04-2025 (oer it jier 2024)
De oantekens steane earne oars yn dizze Pinne
7. Evaluaasje fan it kritejier 2025
8. Jierferslagen oer 2025:
 - 8.1. fan de skriuwer
 - 8.2. fan de ponghâlder
 - 8.3. exploitaasjerekkens 2025
 - 8.4. balâns
 - 8.5. fan de boekeferkeap
 - 8.6. fan it kritemeilibjen
 - 8.7. fan de kaskommisje – de kaskommisje bestie út hr. Beldman en hr. Wester
9. Konsept begrutting 2026 en 2027
10. Beneaming nij lid fan de kaskommisje
Hr. Beldman is ôftredend. Ynkommend is ??????????. Der moat al in reservelid komme, dy't dan it oare jier meidocht. **Wa????????**
11. Bestjoersferkiezing
 - 11.1. Ponghâlder, hr. Piet Ypma is ôftredend, mar werkiesber.
 - 11.2. 2^e Skriuwer, hr. Lammert v.d. Meulen is ôftredend, mar werkiesber.
12. Earje en wurdearje
13. Wurklist 2026 – 2027
14. Omfreetgjen
15. Sluten

Oantekeningen fan de Algemiene Ledegearkomste oer it jier 2024 fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs", Apeldoarn e.o. op 12 april 2025 yn de Duiker, Ugchelen

Konsept

1. Iepenjen

Om 14.00 oere iepenet de foarsitter, Henk de Boer, de Algemiene Ledegearkomste fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" oer it jier 2024, yn de Duiker te Ugchelen. Oanwêzich binne de bestjoersleden Henk de Boer, (foarsitter) Lammert v.d. Meulen, Atsje Roorda, Froukje de Wilde, Piet Ypma (ponghâlder) en Gerrit Stegenga (skriuwer). Der binne fierder 16 leden; dêrûnder de eareleden Aafje Miedema, Lammert Toering, Theun Ruim en Hennie Wiersma (en fierders: sjoch presinsjelist). In ôfmelding is der fan Symon Kingma. Mei in wolkom oan allegearre iepenet Henk de Boer de gearkomste.

2. Fêststellen fan de wurklist

Oan 'e wurklist wurdt neat tahekke.

3. Meidielings

Symon Kingma wurdt neamd as dejinge dy't him ôfmeld hat. Henk de Boer seit dat de drukker fan de Pinne oanjûn hat om ein 2025 dermei op te hâlden,

HAIRSTYLING DICK

UW HAAR IS ONZE HOOFDZAAK

055 3555991

ASSELSESTRAAT 269 HAIRSTYLINGDICK@HOTMAIL.COM
7312 CV APELDOORN ING 653115008
06 55558174

dus dêr moat in nijen-ien komme.

As lêste meidieling seit Henk de Boer dat Gjalt Wester him ree ferklearre hat en wurdt kaskommisjelid. Dat is fansels in goed berjocht.

Hjirnei wurde de leden dy't yn 2024 ferstoarn binne, steand betocht.

Nei de gearkomste sil Sippy Tichelaar in ferhaal hâlde oer har boek 'Schippersvrouwen'.

4. Ynkomen en útgienestikken

Der binne gjin ynkomen en útgienestikken dy't yn de gearkomste neamd wurde moatte.

5. Ynfentarisasaasje punten fan omfreegjen (sjoch wurklistpunt 14)

Hennie Wiersma seit dat se dan wat te freegjen hat.

6. Oantekens fan de Algemiene Ledegearkomste fan 13-04-2024 (oer in kritejier 2023)

De oantekens steane yn de lêste Pinne. Der binne gjin fragen of opmerkings oer.

Se wurde fêststeld mei tank oan de gearstaller.

7. Evaluaasje fan it kritejier 2024

Henk de Boer eidet it jier noch efkes troch. Nijjiersbesite, kabaret Noordenbos & Ko yn maart, de ledegearkomste yn april, de kriterimidei yn septimber, toaniel yn oktober en doe wie it kritejier al wer om.

It docht bliken dat net eltsenien de lêste kritebrief krigen hat. Der is wat mis gien foar de minsken dy't gjin e-mail hawwe. Tenei sil oan de kontaktpersoanen frege wurde om de brief ôf te drukken en rûn te bringen nei harren kontakten sûnder e-mail. De gegevens steane op de rinlisten foar de Pinne.

8. Jierferslaggen

8.1. fan de skriuwer

De gearkomste hat gjin fragen of opmerkings oer it jierferslach. It stie yn de lêste Pinne. It jierferslach wurdt fêststeld, mei tank oan 'e gearstaller(s).

8.2. fan de ponghâlder

8.2.1. eksploitaasjerekken 2024

Piet Ypma jout in taljochting op it oersicht fan de sifers dat yn de gearkomste útdield is. Der is in tekoart fan € 224,88. De kommende jierren sil der elts jier wol in tekoart wêze.

Der binne gjin fragen oer de eksploitaasjerekken.

8.2.2. balâns 2024

Der binne gjin fragen oer de balâns.

De gearkomste tanket de ponghâlder foar it wurk mei handsjeklap.

8.3. fan de boekeferkeap

De boekeferkeap levert dochs elts jier noch wat op. Froukje de Wilde seit dat se in protte nije (âlde) boeken krigen hat fan Hennie Wiersma, Aafje Miedema en Gé Oosterhoff. Der is no noch mear kar. De boeketafel is ek in moetingssplak. Yn 2024 binne foar € 40,- boeken ferkocht. Froukje fynt it noch hieltyd moai wurk en wol der mei trochgean. De gearkomste hat hjir applaus foar oer.

8.4. fan it kriteimeilibjen

Hennie Wiersma seit dat 2024 in wat oars jier wie, omt se in part fan it jier de kaarteskriuwerij net neikomme koe. Sietske Stegenga hat dit doe oernommen. Yn 2024 wie it net nedich om de kas oan te foljen.

Oersicht kriteimeilibjen 2023

	Yn	Ut
	€ 11,60	€ 167,2
Saldo	€ 119,86	€ 64,26
	€ 231,46	€ 231,46

8.5. fan de kaskommisje

De kaskommisje, hr. Toering en hr. Beldman, hat de boeken neisjoen. Gerard Beldman

docht ferslach:

Lammert Toering en ik binne op 9 april nei Lettele west, want der wennet de ponghâlder. Lettele is in doarp ten easten fan Dimter en boppe Bathmen. It is in lyts doarp, mar it hat in tsjerke en in super. Hy wennet op in pleats, mar buorket net. Hy hat wol skiep en der binne hynders. Nei de kofje mei oranjekoeko! kamen de sifers op 'e tafel. Alles útprinte en goed organisearre. Wy ha alles kontrolearre en alle fragen waarden goed beândere. Hiel dúdlik wie it.

Neitiid frege syn frou oft Piet slagge wie. Ja wis.

Derom freegje wy oan it bestjoer fan de Fryske Krite Fier Fan Hûs de ponghâlder désjarzje te verlienen.

12 april 2025, Lammert Toering en Gerard Beldman.

De gearkomste nimt dit mei applaus oer.

9. Konsept begrutting 2025 en 2026

Piet Ypma jout taljochting. De begrutting 2025 wie der al yn konsept. Foar 2026 is der noch net in begrutting. Yn dit jier sille wy it 125 jierich bestean fiere, en der is op it stuit noch net dúdlik wat wy allegearre dwaan sille. As dêr mear oer bekend is, komt der in begrutting.

Troch it tebekrinnen fan de ynkomen is der in tekoart fan hast € 800,-. Dit is lykwols wol oer te kommen. Der is noch wat jild.

Theun Ruim freget nei de relaasje tusken Dorpshuis Ugchelen en Protestantse tsjerke. It Dorpshuis is Ugchelens Belang en de tsjerke is De Duiker. Op dizze twa plakken hâlde wy ús gearkomsten.

Fierder wurdt frege nei 'Intree via bank': der binne guon minsken dy't it yntreejild yn't foaren fia de bank betelje.

As lêste wurdt frege nei de post 'Skinking'; der binne guon leden dy't sa no en dan in skinking dogge. Dit gedrach wurdt oanmoedige 😊.

De konsept begrutting wurdt oannommen mei applaus.

10. Beneaming nij lid kaskommisje

Hr. Toering is ôftredend. Hy wurdt betanke foar syn wurk. Reservelid Gjalt Wester wurdt kaskommisjelid neist Gerard Beldman. Fanút de gearkomste is der gjin oanmelding foar in nei reserve kaskommisjelid. It bestjoer sil de ledelist neigean en minsken benaderje. Der moat wol ien komme.

11. Bestjoersferkiezing

11.1. Skriuwer

Gerrit Stegenga is oan bar om ôf te treden, mar hat oanjûn noch wol in termyn trochgean te wollen. Der binne gjin tsjinkandidaten en dêrom giet dit troch.

11.2. 2^e ponghâlder

Froukje de Wilde (ek boekeferkeap) is ôftredend, mar hat ek oanjûn noch wol in termyn trochgean te wollen. Ek hjir binne gjin tsjinkandidaten en ek dit kin trochgean.

De gearkomste jout beide bestjoersleden in applaus.

12. Earje en wurdearje

Der wurde dit kear gjin spjildsjes útjûn.

13. Wurklist 2025 - 2026

- 17 septimber 2025 start it nije seizoen mei de kriterimidei yn de Duiker. Earst efkes mei de minsken fan it kriteimeilibjen, dan mei de kontaktpersoanen en dernei... dat bliuwt noch efkes in ferrassing. En fierders:

- Yn oktober of novimber 2025 faaks in lyts kabaretprogramma.

- 10 jannewaris 2026 de nijjiersbesite yn Ugchelens Belang.

- 28 maart 2026 hâldt it Keninklik Frysk Boun om Utens de Algemiene Gearkomste én de Moetings- en Ynspiraasjemidei yn Apeldoarn. Fier fan Hûs is de gastkrite. Wy besykje dêr in kriterimidei oan fêst te knopen. Faaks yn Ugchelens Belang. Dit allegearre om't wy yn 2026 (9 desimber) 125 jier besteane as krite.

- 11 april 2026 de ledegearkomste yn de Duiker.

- Yn *september 2026* dan noch in kriteaktiviteit foar ús jubileum. Fia de Pinne en de kritebrievien komt der mear ynformaasje as dy der is. As de minsken gaadlike stikken witte, dan graach trochjaan oan it bestjoer. Dat jildt ek foar de ynfolging fan de kriteaktiviteit fan septimber. Yn boattocht wurdt al neamd. Henk de Boer seit dat de Pinne yn septimber 2026 wat mear siden krije sil yn ferbân mei ynformaasje oer it jubileum. Der kinne ek ferhalen/foto's fan leden yn, bygelyks oer it sjongkoar (Lammert Toering?), de dûnsplœch (Gé Oosterhoff?), it toanielselskip (Theun Ruim?) en de keatsplœch?

14. Omfreesjen.

Hennie Wiestma freget oft tenei oanjûn wurde kin hoe let in aktiviteit ôfrûn is. Dit is benammen wichtich foar minsken dy't mei taksy of buske wer fuort moatte. It bestjoer sil hjir oandacht oan jaan.

15. Sluten

De foarsitter seit tank oan de oanwêzigen foar kommen en ynbring en slút de gearkomste.

April 2025, Gerrit Stegenga

Jierferslach oer it jier 2025 fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" te Apeldoarn

Bestjoer:

It bestjoer fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" bestie it jier 2025 út: Henk de Boer, foarsitter, Piet Ypma, ponghâlder, Gerrit Stegenga, skriuwer, Froukje de Wilde, 2e ponghâlder en boekeferkeap, Lammert van der Meulen, 2e skriuwer en regelaar foar de ferlotting, en Atsje Roorda-Kooistra, gastfrou. It bestjoer kaam yn it jier 2025 fiif kear byelkoar om de kriteaktiviteiten ta te rieden en de rinnende saken te besprekken. Dat wie op 30-01, 27-03, 08-05, 11-09 en 30-10

Kriteaktiviteiten:

It kritejier 2025 gong útein mei de nijjersbesite op 12-01-2025. Dêr kamen 28 iters op ôf. Dit jier sieten wy yn de Duiker en ek dat foel tige yn de smaak. It wie gesellich en it iten wie bêst. De sjonger Bouke Kooiker die mei syn ferskes en ferhaaltsje syn bêst en eltsenien koe meisjonge as er dat woe. In slagge middei.

Op 08-03-2025 hienen wy de earste kritemiddei. Toanielselskip De Lytse Komeedzje kaam mei harren stik Fan Hûs en Hiem. Dat wie in tige nijsgjirrich barren; it makke wol wat los by de oanwêzigen.

Op 26-03-2025 hâlde it Keninklyk Frysk Boun om Utens de Algemiene Ledegearkomste en ek de Moetings- en Ynspiraasjemiddei yn Nieuwegein, dêr't de krite 'Mei inoar ien' fan Utert/Seist de gastkrite wie. Nei de gearkomste hâlde Sjirk Bruinsma, foarsitter fan de Fryske Beweging in ynleiding oer it Frysk en hoed't dat hjoeddedei fierder brûkt en útwreidzje wurde kin. Nei dit petear wie it toaniel foar it teaterduo Klún en Knoffelhakke. In moaie dei.

De ledegearkomste fan ús krite waard hâlden op 12-04-2025. In moaie opstekker wie dat der 2 bestjoersleden, dy't ôftredend wienen, oanjûn hienen noch wer foar 4 jier ynhiert wurde te kinnen, Froukje de Wilde (û.o boekeferkeap) en Gerrit Stegenga (skriuwer). Beide minsken waarden mei handsjeklap beneamd. Mei dizze ledegearkomste waard it seizoen ôfsluten. Nijtiid hie Sippy Tichelaar in nijsgjirrich ferhaal oer har boek 'Schippersvrouwen'.

It nije seizoen gong fan start mei de middei foar kontaktpersoanen op 17-09-2025. Foarôfgeand oan de middei hie it bestjoer in lyts petear mei de minsken fan it kriteilbibjen en dêrnei mei de oanwêzige kontaktpersoanen. Efkes freegje hoe't it giet en sa. Der wienen gjin swierichheden.

Nei't dizze organisatoriske saken mei ôfhannele wienen, spilen wy wat potsjes bingo en seagen wy in pear ôfleveringen fan de Fryske Kanon. It wie in gesellige middei, dêr't ek romte wie om wer efkes by te praten.

Op 08-11-2025 wie ús kritemiddei yn de Duiker. Age Veldboom, ûnder oaren bekend fan it Skûtsjemuseum yn Earnewâld, hie in nijsgjirrich ferhaal oer de Fryske Reedrydhistoarje en Alvestêdetochten. Hy wiksele syn ferhaal ôf mei sankjes en gedichten. It wie in moaie middei. Dêrmei kaam in ein oan it kritejier 2025.

Oare aktiviteiten:

De boekeferkeap rint noch hieltyd. Froukje de Wilde hat der noch wol nocht oan en ferkeapje de boeken. En dan it kriteilbibjen, form en ynhâld jûn troch Hennie Wiersma en har helpers José Bonder en Sietske Stegenga. Se hawwe omtinken foar leden dy't wat yn de nederklits sitte, of op in oare wize wat omtinken nedich hawwe, mar se binne foar harren krewearjen wol ôfhinklyk fan ynformaasje oer de leden. As minsken net trochjouwe dat der wat is, kin der fanút it kriteilbibjen ek gjin reaksje komme. Yn it ôfrûne jier binne 2 leden ferstoarn en hawwe 3 harren lidmaatskip opsein. Op 31-12-2025 wienen der noch 76 leden.

De kontaktpersoanen soargen derfoar dat de Pinne's en de kritebrievien by de leden komme, foar't safier de kritebrievien net fia de mail ferstjoerd wurde. Der komme 2 Pinne's út en 3 kritebrievien. Kritebrievien yn april, septimber en desimber. Pinne yn febrewaris en septimber. Johan Nieuwland hat syn wurk as rûnbringer fan de Pinnes nei de kontaktpersoanen oerdroegen oan Sijmon Kingma.

Lammert van der Meulen soarget, tegearre my syn sydsulver Pytsje, foar de prizen by de ferlotting. En by dy ferlotting wurdt hy assistearre troch in tal leden dy soargje foar de lotteferkeap. De krite kin dizze ynstruier net misse.

As lêste:

Alle leden fan "Fier fan Hûs", dy't der foar soargen dat yn it ôfrûne kritejier de Fryske taal en kultuer wer heech hâlden binne yn Apeldoorn en de wide omkriten, tige tank. Sa hâlde wy de krite libben.

En no op nei ús 125-jierrich bestean.

Apeldoarn, febrewaris 2026, Gerrit Stegenga (en oaren)



Friese-producten.nl
Online Friese kado's

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

Shirts
Webwinkel met meer dan 500 Friese artikelen. Vandaag besteld, overmorgen in huis!

www.friese-producten.nl 06-53259385

Wurklist 102^e Algemiene Gearkomste fan It Keninklik Frysk Boun om Utens

- 1 Iepening en fêststelling wurklist
- 2 Meidielingen en ynkommen stikken
 - a. Meidielingen
 - b. Ynkommen stikken
- 3 Ferslach fan de 101e AG
- 4 Jierferslach skriuwer oer 2025
- 5 Rekkenopnimmers
 - a. Ferslach rekkenopnimmers oer 2025 (Swol en Twinte)
 - b. Beneamen nije rekkenopnimmers (Twinte en Utert-Seist)
- 6 Finânsjes
 - a. Jierrekken 2025
 - b. Begrutting 2026
- 7 Algemiene Gearkomste 2027

De Algemiene Gearkomste fan 2027 sil holden wurde op sneon 3 april 2027. Hokker krite wol op dizze datum gastkrite wêze?
- 8 Toanielsaken: IFAT (It Frysk Amateur Toaniel) en subsydzjes
- 9 Bestjoersferkiezing

*It roaster fan ôfgean is wizige troch it tuskentiids ôfgean fan Kees van der Beek yn 2025. Gerrita Otten is reglemintêr ôfgeand en wer ferkiesber foar fjouwer jier. Nije of tsjinkandidaten foar it bestjoer kinne harren **uterlik sneon sneon 14 maart 2026** melde by de skriuwer of de foarsitter.*
- 10 Takomst KFBou

Ferslach wurkgroep Takomst: stân fan saken - en wurkplan 2025–2027
- 11 Kontakt Bounsbestjoer mei de kriter
- 12 Moetings- en Ynspiraasje-Middei (MYM)
 - a. Ferslach fan de MYM 2025
 - b. Ideeën foar de MYM 2027
- 13 Mediasaken/Omrop Fryslân
- 14 Wat fierder op it aljemint komt
- 15 Omfreegjen
- 16 Sluting

Minsken dy't it folsleine dokument 'It Ambyld' hawwe wolle, kinne dat by de skriuwer, Gerrit Stegenga anfreegje. Tillefoan: 055-3556700 of e-mail fierfanhus.apeldoorn@gmail.com.

Fierderop yn dizze Pinne stiet hoe't jo oanmelde kinne foar dizze dei.

Programma fan de Algemiene Gearkomste fan it Keninklyk Frysk Boun om Utens

Ynrin

Fanôf 10:00 oere is elkenien wolkom en steane kofje en tee klear. Jo kinne jo nammekaartsje ophelje by de ponghâlder fan it Boun en krije dan ek de kaarten foar de programma-ûnderdielen dêr't jo foar betelle hawwe: lunsj, toaniel en/of waarm iten.

Konsumpsjemunten

By de ynrin kinne jo konsumpsjemunten keapje by de krite-ponghâlder. De **munten kostje € 3,- it stik**. Munten keapje kin allinnich mei kontant jild. Pinne is net mooglik. Munten dy't jo net brûkt hawwe, kinne jo oan it ein fan 'e dei wer ynleverje. Jo krije dan it jild werom. Konsumpsjes kinne allinnich mei munten betelle wurde.

Algemiene Gearkomste 10:30 oere

De AG is yn de grutte seal en begjint om 10:30 oere. De eintiid is nei ferwachting 12:15 oere. Wy wolle graach witte hoefolle minsken dielnimme oan de AG. Dêrom by de opjefte graach trochjaan of jo komme.

Lunsj 12:15 oere

Om 12:15 oere stiet de lunsj foar ús klear yn it kafee-diel fan it doarpshûs. Foar eltsenien bestiet de lunsj út:

- **Tomatesop** (fegetaryske sop foar wa't dat opjûn hat)
- Twa beleine broadsjes
- **Broadsje kroket** (fegetaryske kroket foar wa't dat opjûn hat)
- **Kofje, tee, molke of sûpe**

De priis is **€ 16,50** de man/frou. By jo opjefte graach trochjaan of jo mei-ite en of der bysûnderheden binne (bygelyks in dieet of allergy).

MYM 13:00 oere

Fan 13:00 oere ôf wurdt it earste diel fan de Moetings- en Ynspiraasjemiddei ynfold troch sprekker **Teade de Boer, frywilliger by it Agrarisch Natuurfonds Fryslân**.

Syn presintaasje is yn de lytse seal. Dit ûnderdiel kostet neat, mar wy wolle graach witte hoefolle minsken der komme. Dit dêrom graach trochjaan by jo opjefte.

Toaniel 15:00 oere

Om 15:00 oer begjint yn de grutte seal it toanielstik '**De Rollator Revolúsje**', spile troch De Lytse Komeedzje. Beide dielen fan it stik duorje in oere mei in skoft fan 20 minuten. De eintiid is dus rûnom 17:30 oere. De tagongspriis foar it toanielstik is € 20,00 foar leden fan de kriter en € 22,50 foar net-leden. Graach opjaan as jo it toaniel sjen wolle.

Ferlotting

Krite Apeldoarn organisearret in ferlotting mei moaie prizen! De lotsjes kostje € 0,50 it slúfke en wurde ferkocht yn it skoft fan it toanielstik. Prizen kinnen nei ôfrin ophelle wurde.

Waarm iten

Doarpshûs Ugchelens Belang makket foar ús in waarm en kâld buffet mei:

- Gehaktbaltsjes yn saté-saus
- Kipfiletstikjes yn kerriesaus
- Bakte salmstikjes mei dille-saus
- Fegetaryske lasagna

- Ierappel-gratin
- Krieltsjes út de oven
- Rys
- Waarme grientemiks
- Rauwkostsalade
- Komkommersalade mei dille
- Griene sla en dressing
- Stoofparkes

De kosten foar dit buffet binne € 25,50 de man/frou. Graach opjaan of jo mei-ite wolle en of der bysûnderheden (sa as allergyen) binne.

Opjefte foar dizze dei kin by de kriteskriuwer, Gerrit Stegenga, fia tillefoan 055-3556700 of fia e-mail fierfanhus.apeldoorn@gmail.com; de einddatum foar opjefte is 12 maart 2026.

Jo sizze oft jo nei de AG komme, de lunsj mei-ite, nei de MYM komme en/of nei it toaniel en ek oft jo de jûns mei-ite wolle. It soe moai wêze as jo ek oanjouwe oft jo bysûnderheden by it iten hawwe (dieet of sokssawat), lykas hjirûnder oanjûn.

Dus opjaan:

Namme:	
AG: ja of nee	Kosten: fergees
MYM: ja of nee	Kosten: fergees
Lunsj: ja of nee	Kosten: € 16,50 (bysûnderheden opjaan, lykas dieet of sa)
Toaniel: ja of nee	Kosten: € 20,- foar leden en € 22,50 foar net-leden
Waarm ite: ja of nee	Kosten: € 22,50 de man/frou (ysûnderheden waarm iten lykas dieet of sa)

Betelje oan de ponghâlder fan de krite fia rekkennûmer NL67 RABO 0303 3512 17. Betelje tagelyk mei de oanmelding en úterlyk 12 maart 2025. Net betelle is net komme!

Moetings- en Ynspiraasjemiddei fan it Keninklyk Frysk Boun om Utens

Frywilliger Teade de Boer

De Moetings- en Ynspiraasjemiddei set útein mei sprekker Teade de Boer. Hy sil ús fertelle oer syn wurk as frywilliger by it ANF. Hy jout in presintaasje en sil dy yllustreare my bylden út Fryslân. It ANF hat ús 'in bysûndere belibbing' tasein! As fergoeding foar de komst fan Teade de Boer hat it ANF frege om in bydrage yn harren wurk. It Boun stipet dit wurk graach en hat in bydrage dien yn de oankeap fan Ljippelân Warkum. Op de folgjende side sjogge jo it sertifikaat dat wy dêr fan krigen hawwe.

Wat is en docht it ANF?

Stichting Agrarisch Natuurfonds Fryslân (ANF) is oprjochte yn 2017 en hat as doel: it behâlden én ferbetterjen fan it Frysk agrarysk kultuerlânskip en wol it folgjende berikke:

- it ferbetterjen fan de greidefûgelstân yn Fryslân;
- it behâlden fan kultuerhistoarysk gerslân;
- it ferbetterjen fan de greidefûgelbiotoop;

- it stypjen fan agrarysk natuerbehear;
- it behâlden fan greidefûgelpearls;
- it dwaan fan alle fierdere hannelingen, dy 't mei it foarensteande yn de romste sin ferbân hâlde of dêrta befoarderlik wêze kinne;

Troch agraryske kultuergrûn te krijen of troch sizzenkip/behear oer de kultuergrûn te krijen.

Mei as doel de lannen geskikt te hâlden as greidefûgelbiotoop en te soargjen foar in soad fleanfluggige greidefûgelpykjies, yn harmony en gearwurking mei de boer en syn bedriuw.

Sûnt 2024 hat ANF - tanksij ferskate publyks-aksjes, ferskate subsydzjeferlieners en gulle jouters - twa greidefûgelpearls yn besit (Gruttoland Wommels en Gruttoland Tsjerkwerd) en twa yn behear (Noordereiland Drachten en De Waard Leeuwarden). Ein 2026 hopet ANF Ljippelân Warkum oankeape te kinnen. Sjoch de webside: www.agrarischnatuurfondsfryslan.nl.

**adoptie
certificaat
LJIPPELÂN**

Met jouw bijdrage
verwerven wij
weidevogelgebied
in Fryslân.

It Keninklik Frysk Boun om Utens
187,50 euro
25 m2

Het Agrarisch Natuurfonds Fryslân streeft voor het beschermen van unieke stukken weidegrond. Met jouw adoptie of gift lever je een directe bijdrage voor de aankeap van 1 ha Ljippelân (Kroonland) in Warkum. Hiermee help je de achtergebleven weidevogels.

**Agrarisch Natuurfonds
Fryslân**

Stichting 4A | R733 CJ Wommels | T (058) 250 43 88 | info@agrarischnatuurfondsfryslan.nl | www.agrarischnatuurfondsfryslan.nl

Fryske boeken

Froukje de Wilde

Noch wat ynformaasje oer bysûndere en moaie -resinte útjeften- fan Fryke boeken. Dizze binne te keap bij Afûk yn Ljouwert of by de boekewinkel yn jo omjouwing.



It lêste boek fan Anne-Goaitske Breteler

It spilet sich ôf yn Paesens/Moddergat en giet oer de famylje Zwart. De fjouwer bern fan de famylje Zwart binne net trouwd. It grutste part fan harren libben wennen sy mei-inoar op it âlderlik hûs, in boerepleats.

It is in portret fan ferlies en fassinaasje, mar der is ek in byld fan libbensmoed, wille en wolwêzen. It libben fan Pieter, Jan, Dirk en Wytske wurdt yn dit boek beskreaun (in fjouwer haadstikken).


De buorkerij, it hiem, is skonken oan it museum 't Fiskershûske. It moat noch restaureare wurde. Jimme kinne dit boek ynsjen; it leit op de boeketafel!



In gedichtsje út it boek Leafste

It is foar alle leeftiden (jong en âld)
Mei sfearfolle yllustraasjes fan
Marit Törnqvist en de moaie gedicht-
sjes van Hans en Monique Hagen.
En in prachtige oersetting yn it Frysk
fan Eppie Dam.

Ik sykje in wurd
in hiel nij wurd
in wurd dat dij noch mist
Ik sykje in wurd
dat sizze wol
Datsto de leafste bist.



(Anjum 1912 - Balk 1983) Ut de sketsboeken fan Pier Feddema

Hy foarme mei oare kunstners de groep "Yn 'e Line"
Elske Schotanus hat in gearstalling makke út syn sketsboeken mar ek it foaropwurd skreaun.
De priis is: € 19,95

Der is ek in 'Woordboek fan 't Bildts'.
De priis is: € 20,00

Derom noch in stikje út in gedicht yn it Bildts fan Hein Jaap Hilarides.

Ik wou dat ik 'n groate kaardebol waar.

Die krijt hele mooie rôze blommen,
der't 'n prot bijen op ôf komme.
De kaardebol steekt boven idereen út,
hij geeft de blauwe hemel hest 'n tût.
Ja, 'n groate kaardebol, dat sou wel wat weze.

Hein Jaap Hilarides wurket oan in boek oer de Bildtske Wassenaars

Ik sjoch jimme graach op 28 maart yn Ugchels Belang by de boeketafel

HOZA

SUPERCENTER

Voor vakman en hobbyist

GEREEDSCHAPPEN - TUINHOUT - TUINMEUBELEN

Zwolseweg 323 7345 AA WENUM-WIESEL
055 - 521 98 75 * info@hoza-apeldoorn.nl * www.hoza-apeldoorn.nl

Kontaktpersoanen

Dhr J. Nieuwland	2e Johannesstraat 19, 7331 CE Apeldoorn, 055-5332130
Dhr. S.P. Hofstra	Prins Mauritslaan 7, 7316 EL Apeldoorn 06-49101989.
Mefr. A. Dwarshuis – van Driel	Zwolseweg 40, 7315 GM Apeldoorn 055-5220114
Dhr. L. van der Meulen	De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen, 055-5341500
Mefr. S. Stegenga – Schilstra	Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn 055-3556700
Dhr. L. Toering	Wim Helderlaan 13, 7334 CR Apeldoorn, 055 5338734
Mevr. D. Jonker	Gildenlaan 377, 7329 EC Apeldoorn 06-21640877
Mevr. S. van Dijk	Warengaarde 790, 7329 GR Apeldoorn 06-23096349
Dhr. P. Slump	Sluisoordlaan 29, 7323 EK Apeldoorn 055-3667565
Mefr. A. de Boer – Holwerda	Lindelaan 22 , 7391 JZ Twello, 0571-273036
Mefr. F. de Wilde – Witteveen	Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek, 0313-654859
Dhr. G. Beldman	Het Have 12, 7232 DT Warnsveld, 0575-525504
Mefr. A. Roorda – Kooistra	Karel de Grotelaan 221, 7415 LV Deventer, 0570-591174

Ut 'e Pinne is it ferieningsblêd fan it Frysk Selskip 'Fier fan Hûs' Apeldoorn

Utjefte: Frysk Selskip "Fier fân Hûs" Apeldoorn, 59^e jiergong nûmer 1 septembar 2025

Redaksje: Henk de Boer, De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen, 06-53929111

henkank.deboer48@kpnmail.nl


Lidmaatskip

Frysk selskip "Fier fân Hûs" Apeldoorn

Ynlage foar in jier € 15,00

Betankje allinnich skriftelik en foar 1 novimber by de skriuwer. Op 1 novimber wurdt it lidmaatskip automatysk mei in jier ferlinge.

Kontribúsje betelje op NL67 RABO 0303 3512 17 o.n.f. Fier fan Hûs



Een veilige haven
in moeilijke dagen



ROUWCENTRUM

Rouwenhorst

SINDS 1901

Christiaan Geurtsweg 24 - 26

7335 JV Apeldoorn

055 - 5414089 (dag en nacht)

www.rouwcentrum-rouwenhorst.nl

